



**PROTESTANTSE GEMEENTE KOLLUMERZWAAG**

**ZONDAG 30 AUGUSTUS 2020**

**M.M.V. DE SWEACHERS, THEO FOKKEMA (ORGEL)  
EN EGBERT FOKKEMA (VOORGANGER)**

Tema: Boadskipje? Kom! Hjir is alles fergees, mei garânsje foar it Libben!

**SJONGE: PSALM 84: 1, 2 en 3**

1. Hoe leaflik is jo hûs, o Hear,  
de wenning dêr't jo namme klear  
ta klinken komt foar alle minsken.  
Noait giet de langst wer by my wei,  
dat ik dêr komme\_en sjonge mei.  
Wat soe my boppe dream en winsken  
noch leaver wêze\_as dêr te stean,  
om ta jo libben yn te gean?

2. It heil dat oer de Sion leit  
jout alle libben feilichheid,  
foar alle fûgels binne nêsten:  
de mosken ûnder 't pannetek,  
de swellen boppe 't gollefek,  
hja hawwe\_in honk om út te rêsten.  
Ik haw in honk yn Gods paleis:  
o, dêr te sjongen nachts en deis.

3. Hoe lokkich, dy't mei iepen hert  
syn fuotten op jo wegen set,  
jo stêd en timpel yn 'e mjitte.  
Jo krêft is harres. Fier en hein  
sil yn 'e delte\_in sêfte rein  
syn mylde drippen falle litte.  
Fonteinen springe\_- o wûnder Gods! -  
op toarre grûnen út 'e rots.

**WOLKOM EN MEIDIELINGS**

**SJONGE: PSALM 98: 1 EN 3**

1. Lit no de nije lofsang hearre,  
in liet sa't noait in liet begûn!  
't Is foar de Hear, dy't triomfearre,  
syn rjochterhân hat rêding jûn.  
Syn hill'ge earm die wûnderdieden,  
dy't alle folk op ierde sjocht.  
Hjir is it klear te ûnderskieden:  
Hy kaam en holp ús oan ús rjocht.

3. Bring, ierde, oan dy hill'ge Heare  
mei snaar en tonge hulde\_en tank!  
Trompetten, jou de Kening eare,  
bazunen, kom mei gouden klank!  
Sjong by de harpen en de lieren,  
gean òp mei sang en ynstrumint  
om dizze grutte dei te fieren  
foar God, dy't keninklik oerwint!

### **US HELP EN GROETNIS**

#### **SJONGE: LYTS GLORIA, LIET 705: 1**

1. Eare\_oan God de Heit, de Skepper,  
eare ek oan God de Soan,  
eare\_oan God de Geast, de Treaster,  
de Trije-ie-nige op syn troan!  
Halleluja, halleluja,  
de Trije-ie-nige op syn Troan!

### **KYRIËGEBED**

#### **TALJOCHTING OP IT TEMA EN IN LYTS FERHAALTSJE**

#### **SJONGE: PSALM 98: 4**

4. Lit alle seeën, alle lannen  
Him loovje mei in blide stim.  
Rivieren klappe yn 'e hannen  
en bergen sjonge 't út foar Him.  
Hy komt en sil de folken rjochtsje,  
Hy, dy't it wreed geweld betwingt;  
foar ivich sil Hy 't pleit besljochtsje,  
as Hy syn Ryk fan frede bringt.

### **GEBED BY DE IEPENING FAN GODS WURD**

#### **LÊZE: JESAJA 55: 1-6**

Kom om wetter, allegearre dy't toarst hawwe, ek jimme sûnder jild, kom hjirhinne en keapje nôt en yt, ja kom en keapje mar, sûnder jild, samar fergees, wyn en molke. Wêrom jim jild út te jaan foar wat gjin brea is en jim arbeidslean foar wat net sêdzje kin? Harkje ynmoedich nei My, dan hawwe jimme wat goeds te iten, dan kinne jim te gast gean oan it fette fan 'e ierde. Hear skerp ta en kom by My, harkje en jim sille libje: Ik slút in ivich ferbûn mei jimme, as bewiis fan de trouwe leafde dy't Ik David tasein haw. Him haw Ik as getuge foar de naasjes set, en as foarst en gebieder oer de folken steld. Do silst in folk roppe datst net koest en in folk dat dij net koe, sil op dy tafleane, omdat de Heare, dyn God, de Hillige fan Israel, dij dy gloarje jûn hat. Sykje de Heare, no't Er te finen is, rop Him oan, no't Er deunby is.

**SJONGE: LIET 653: 2 EN 3**

2. Jo binne\_it brea fan God alline,  
ús jûn ta spize dei by dei,  
it iten dêr't we\_op tarre kinne,  
hoelang't de reis ek wêze mei.  
Jo sêdzje\_ús noch, o himelsk brea,  
mei libben midden yn 'e dea.

3. Jo binne\_it wetter, Jo alline;  
de boarnen fan de ivicheid,  
dy't laavje wa't mar toarstich binne,  
sy streame yn ús tydlikheid.  
Jo binn' de wel dy't libben bringt,  
yn elk dy't by Jo komt en drinkt.

**LÊZE: MARKUS 8: 1-10**

Doe't der yn dy dagen wer ris in bulte minsken wienen en se sûnder iten siten, rôp Er syn learlingen en sei: It begruttet My om al dy minsken; se binne ommers al trije dagen by My en hawwe gjin iten. As Ik har sûnder iten nei hûs gean lit, falle se der ûnderweis by del; guon fan harren komme fier wei. De learlingen seinen tsjin Him: Wêr soe men hjir yn dizze iensume oarde brea weihele kinne om har iten te jaan? Hy frege harren: Hoefolle breaën hawwe jimme? Sân, seinen se. Hy hiet it folk har op 'e grûn del te jaan. Doe naam Er de sân breaën, spriek it tankgebed út en joech se syn learlingen om se harren foar te setten. En dat dienen se. Se hienen ek in stikmannich fiskjes. Nei it tankgebed liet Er har dy ek foarsette. De minsken ieten en krigen sêd. Wat der oan stikken oerbleau, fandelen se byinoar, sân kuorfollen. Der wienen sa'n fjouwertûzen man. Doe liet Er harren fuortgean. Sels stapte Er fuort dêrnei mei syn learlingen yn 'e boat en kaam yn 'e kontreien fan Dalmanûta.

**SJONGE: LIET 838: 1 EN 2**

1. O grutte God, de leafde sels,  
o Heit op wa't wy bouwe,  
kom yn ús hert, dat wy ús-sels  
yn leafde oan Jo jouwe.  
Meitsje\_ús it ljocht fan dizze wrâld  
en foar de ierde sâltsjend sâlt.  
Lit ús jo wurden sizze,  
jo wierheid iepen lizze.

2. Meitsje\_ús folbringers fan jo wei,  
ta stim fan jo genede,  
dan giet dy't wifket mei ús mei  
en fynt de doarmer frede.  
Lit ús yn trou it paad begaan  
nei harren dy't fan fierren stean,  
dat wy, troch Jo feroare,  
de minste wêze doare.

## **IT BOADSKIP MEI LIBBENSGARÂNSJE**

**Boadskipje? Kom! Hjir is alles fergees, mei garânsje foar it Libben!**

### **SJONGE: LIET 723: 2**

2. Jo wurd, troch de\_iuwen mei ús gien  
en heilyd wer opnij ferstien,  
sil elk ferset oerwinne.  
Wy doarmje faak it doel foarby,  
mar troch it leauwe meie wy  
de tocht fannijs begjinne.  
Jo joegen de\_âffaars romte\_en paad,  
Jo ha har út it tsjinsthûs laat  
nei 't lân fan molke\_en huning;  
herfoarmje, Hear, ek ús geslacht,  
dat it troch dizze wrâldske nacht  
de wei fynt nei jo wenning.

### **TANKGEBED EN FOARBEAN, ôf te sluten mei Liet 418: 2 (foargonger)**

2. Wa't dat priuwe mei siket nije wegen,  
seine bringt ús nei dy't om frede freegje.  
Jo geskink wurdt mear as wy harkje kinne  
en meidielsum binne, fruchtber yn de Hear.

### **SJONGE: LIET 871**

1. Jezus is Kening, syn regear  
stiet rûnom fêst. Hy is de Hear  
dêr't dei oan dei de sinne blinkt  
en nachts de ljochte moanne\_ús winkt.

2. Yn alle talen klinkt it liet,  
dat Jezus' leafde nea fergiet.  
Ut bememûlen klinke klear  
de blide sangen foar de Hear.

3. Syn ryk ûnthjit loksilichheid,  
dy't fêst siet libbet dêr befrijd,  
dy't wurch wie komt yn rêst teplak,  
dy't earm wie kriget syn gerak.

4. Kom no en sjong de kening ta  
om al wat wy ûntfongen ha.  
Stim, ierde, mei it lofliet yn  
fan ingels om dit nij begjin.

### **SEINE**